



**YN TRIJE LÛK:
JEHANNES
YN DE WACHTKEAMER
DE ERFENIS**

Drie eenakters

door

AAN PANDER

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl**

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **YN TRIJE LÛK: JEHANNES, YN DE WACHTKEAMER, DE ERFENIS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **AAN PANDER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal 2 tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

JEHANNES

PERSONEN:

Saakje

Jehannes

Mies

Klaas

DECOR:

Toaniel is in rommelige keamer, mei tsjin it achtersket in trijepersoans bank, mei romte achter de bank, in tafel mei in pear stuollen, in berchmeubel mei in pear fazen dêr't in hân yn past. Oeral leit wat, it is te sjen dat der in frijgesel wennet. Der is in doar nei de gong en in doar nei de keuken. En oan de side in rût.

(Jehannes sit by de tafel te krantlêzen)

SAAKJE: *(komt der yn mei in pantsje sop)* Moarn Jehannes.

JEHANNES: Ek moarn.

SAAKJE: Ik hie juster wat sop makke en tocht miskien hat Jehannes der ek wol sin oan. *(set it op tafel)*

JEHANNES: *(tilt deksel op en rûkt)* Blikstienders dat rûkt as krûd, dêr dochst goed oan.

SAAKJE: *(giet sitten)* Of hie Jehannes: al waarm iten hân?

JEHANNES: Nee, dat doch ik jûns faak, mar ik slach it ek wolris oer, bôle is ek lekker.

SAAKJE: Do bist der yn elts gefal wol âld mei wurden... It waar is net sa as Piet Paulusma it ús beloofd hat.

JEHANNES: Nee buorfrou, it waar ha wy net yn de hân, en Piet ek net. *(wyls giet de telefoan, hy giet derhinne, sjocht it nûmer, giet wer sitten)*

SAAKJE: *(ferheard)* Nimst net op?

JEHANNES: Och nee je, it is Mies fan ús Klaas, en dêr ha ik gjin sin oan.

SAAKJE: *(laket)* Mar dit kin toch samar net, do moatst dochs opnimme?

JEHANNES: No, toe dan mar. *(op ien toan)* Dit is het antwoordapparaat van Johannes de Vries. Momenteel ben ik niet bereikbaar, u kunt uw boodschap inspreken na de piep. Piep, piep, piep. *(Saakje laket har slop)*

MIES: *(troch de telefoan, dy't op lûdsprekker stiet)* Doch net sa flau Jehannes, ik wit datst thús bist, do hast net iens in antwurdapparaat. Wy binne yn de buert, en Clearens en ik komme aanst om kofje.

JEHANNES: Pieeeeeeeeeeeeeeeep *(leit telefoan del)* Krammele noch oan ta, dêr ha ik hielendal gjin sin oan, mar it sil wol moatte, se hat my dochs troch.

SAAKJE: *(hat bot wille)* Ik miende dat dyn broer Klaas hjitte. *(nei de kast dêr't in famyljefoto stiet, wiist)* Is dit 'm?

DE WACHTKEAMER

PERSONEN:

WIKJE - In âld minske, hat in rollator mei in tas yn it kuorke.

ROEL EN JETSKE - Man en wiif, bytsje simpel,

RICHT - Húsfrou.

KEES - Menearke, praat Hollânsk.

ASSISTINE - Eigenwiis, praat Hollânsk, opmakke, ferpleechstersunifoarm oan.

DOKTER

DECOR:

De yndieling: 6 stuollen mei in taffeltsje yn de midden mei wat lektuer en ergens in taffeltsje mei Lego-blokjes foar de bern. In rekje mei folders en/of wat posters oer it minsklik lichem.

(der sitte 5 minsken yn de wachtkeamer)

WIKJE: No, it duorret mar lang foar't dokter der wer is.

RICHT: *(sit njonken Wikje)* Ja, mar as je by it sprekoere wei roppen wurde, is der wol wat ernstichs oan de hân.

ASSISTINTE: *(út sprekkeamer)* Het spijt me vreselijk, maar het kan nog wel een poosje duren voor de dokter er weer is, sorry.

ROEL: Mei ik ek witte wêr't er hinne is?

ASSISTINTE: Nee, dat mag u niet, dat is beroepsgeheim, daar mogen wij niks over zeggen. *(ôf)*

ROEL: Skythûs, ik tink dat se ek net iens wit wêr't er hinne is.

JETSKE: Ha se in nije assistinte, ik ha dizze noch nea earder sjoen.

ROEL: Eh, nee ju, dit is dat fanke fan skele Marten, dy hat in pear jier yn Hollân wenne en mient dat se gjin Frysk mear prate kin

WIKJE: *(ferskikt sa no en dan op de stoel)* Ik sit hjir al in oere en kin al sa min sitte.

RICHT: No, hy sil dalik wol komme en jo wiene hjir dochs as earste?

WIKJE: Ja, mar it moat net lang mear duorje dan gean ik nei hûs.

RICHT: Ha jo it dan sa drok?

WIKJE: Wat is drok, sjoch it is hjoed moandei en dat is foar my noch altiten waskdei.

RICHT: *(laitsjend)* Jo himmelje by't maitiid it hiele hûs ek noch tink?

WIKJE: *(earnstich)* Ja fansels, oars giet it sa fan je ôf. Ik tink dat ik ien fan de lêsten bin dy't dat noch docht. Himmelje jo noch?

RICHT: No himmelje, ik sjoch alles wol goed nei.

WIKJE: No, ik hoopje dat jo it net sa dogge as ús buorlju. Dêr sjogge jee nea wat bûten te wierjen of sa, allinne soms wat wask oan sa'n wask-rekje en..... GOAR !!!!

RICHT: *(laket)* Neffens my ûntkomt der jo net folle.

KEES: Nou, ik denk dat u een heel nieuwsgierig oud wijf bent en veel wil weten.

WIKJE: *(bytsje rekke)* Nou, dat is niet zo hoor, maar als ik in het hoekje bij het raam sta, kan ik krekt dat rekje zien. *(tsjin Richt)* Soms hat se der ek swart ûnderguod hingjen en sa lyts, jo soene

sizze, dêr past it spul nea yn.

RICHT: (*ferheard*) Hoe witte jo dat dat ûnderguod is?

WIKJE: Kristien fan myn broer Jelle hat hjir ris west en dy sei it. En wist wol wêrom't it swart is?

RICHT: Jawol, swart is hjoed-de-dei de moade, oeral yn.

WIKJE: Och nee ju, Kristien sei dan kinst de smoargens net sa bot sjen. Is 't net wat?

KEES: Ik denk niet dat dat de reden is.

ROEL: (*laket*) Ik tink it wol, want myn ûnderguod is ek swart.

JETSKE: (*mei klam*) Roel hâld op, wy hoege hjir alles net te fertellen, dat giet dy minsken neat oan.

ROEL: Wêrom ha ik se dan?

JETSKE: Omdat de swarte by de Wibra de tredde fergees wie. En no hâlde wy der oer op.

(Assistinte rint mei pillen of papieren troch de sprekkeamer nei de haldoar)

De erfenis

PERSONEN:

AAL
SIBE
SAAKJE
MIES
KLAAS
NOTARIS

DECOR:

Toaniel, deselde yndieling as by: "Jehannes".

(suster Aal en swager Sibe komme der yn mei de jas oan, gear sitten)

AAL: *(oandien)* Ik bin der raar fan, dat wy ús Jehannes hjir nea wer sjen silje en dat it allegear sa fluch gien is.

SIBE: Ja, dêr binne gjin wurden foar, mar it wie wol in moai ôfskie.

AAL: Dêr hast gelyk oan, mar hast wol yn de gaten dat myn âlderlik hûs no ek fuort is?

SIBE: Ja, wy silje it allegear wol misse moatst rekkenje. *(dogge jas út)*

AAL: Ik wit net as ús Klaas en Mies it ek misse silje, dy wiene net sa close mei ús Jehannes.

SIBE: Yn elk gefal net sa as wy, mar wêr bliuwe se no. *(sjocht op horloazje)* Wy hiene dochs goed ôfpraata om fiif oere? Anst is de notaris hjir en binne se der noch net.

AAL: Eins ha ik alhiel gjin nocht oan dit gedoch, sa flak nei de begraffenis, de kop stiet my der net nei.

SIBE: Nee, ik ek net, mar Jehannes hat it sa beslist, dus hy sil der wol in doel mei ha.

AAL: Dy hiele erfenis kin my eins neat skele, wy silje wol wat krije, mar wy ha eins nearne ferlet fan.

SIBE: Och no ju, dan kinne wy de bern ek wat jaan, miskien tegearre in reisje en oars binne der noch genôch goede doelen.

SAAKJE: *(komt der yn, kreas ferklaaid)* Goeie middei.

AAL: Middei, wat moai datst ek op de begraffenis wiest Saakje en noch efkes oankomst. Do hast goed foar ús Jehannes soarge as buorfrou. Doch de jas mar efkes út.

SAAKJE: *(bytsje oandien)* Ja, it wie in moai ôfskie, dûmny hat presys sein sa't wie, mar ik sil him misse. Wy ha in soad oan elkoar hân en tegearre ek in soad wille hân.

SIBE: Ja, ik begryp it, do wiest ek allinne, hast ek al in kear syn saneamde freondinne west net?

SAAKJE: *(laket)* O, hat er jim dat ferteld? O, wy ha sa lake om Mies fan Klaas, se krige hast in hertfersakking doe't se my yn dat koarte rokje by Jehannes op de knibbel seach.

SIBE: Dy tocht grif, dêr giet myn erfenis.

SAAKJE: Dat sei Jehannes ek al, jim hiene dat gesicht sjen moatten.

SIBE: Soene se dy no net werkenne as syn saneamde freondinne?

SAAKJE: No, ik tink it net, ik wie tige opdost en sy siet mei de hân yn dy faas, dus dy hie genôch oan har sels. *(it is efkes stil)*

AAL: Wy wachtsje op notaris en Klaas en Mies. Se soene hjir om fiif oere wêze.

SAAKJE: Ja, ik ha ek berjocht fan de notaris krigen om hjir te kommen.

SIBE: Wat moai, dêr hat Jehannes goed oan dien, do silst ek wol in oantinken krije tink ik.

SAAKJE: Ik soe net witte wat, ik ha eins nearne ferlet fan, mar in oantinken soe wol moai wêze. *(de bel, Aal der hinne, lit se der yn. Mies foarop en notaris, Klaas en Aal komme der ek yn)*

MIES: *(tige drok en op de foargrûn)* Dêr wiene wy al. *(makket fluch in sit klear foar notaris, faget sitting skjin)* Jo hjir mar soe 'k sizze. Sil ik efkes foar kofje soargje?

NOTARIS: Nee hear, ik ha krekt kofje hawn. *(kondolearret elk en by buorfrou seit er)* Jo ek kondolearre, jo binne faaks de buorfrou.

SAAKJE: Ja, mar ik wit eins net wêrom't ik hjir komme moast.

MIES: Ik ek net, dit is dochs in famylje-oangelegenheid en dêr heart de buorfrou net by, toe Clearens wat seisto hjirfan?

KLAAS: *(hiel skrutten)* Ja leave, ik wit ek net wat dat betsjutte moat, mar buorfrou komt my wol wat bekend foar.

MIES: Och Clearens praat doch gjin ûnsin, hoe soesto har kenne, wy ha har noch nea earder sjoen.

NOTARIS: No, wêrom't de buorfrou hjir is komme wy rillegau achter, as wy it testamint iepenje.

AAL: Wolle jim de jas net út ha?

MIES: Nee hear, sa lang sil it wol net duorje wol notaris.

NOTARIS: Dat leit der oan. Dit is Jehannes syn testamint.

Op .../.../... verklaar ik, mr. Tjerk Albert Dantuma, notaris in de gemeente Tytsjerksteradiel, het volgende: De in de conclusie genoemde persoon heeft mij verzocht deze verklaring van erfrecht op te maken. In verband daarmee heb ik mij zoveel mogelijk overtuigd, dat de navolgende feiten juist zijn.

Overlijden.

Op .../.../.... tweeduizend vierentwintig, is in de gemeente Tytsjerksteradiel overleden Johannes de Vries, geboren in Tytsjerksteradiel op: 28 mei 1946 met als laatste woonadres Singel 24 te Tsjerkerbos. De overledene had bij zijn overlijden de Nederlandse nationaliteit.

Burgerlijke staat.

De overledene was ten tijde van zijn overlijden ongehuwd en niet als partner geregistreerd. De overledene is ook nimmer gehuwd geweest.

Afstammelingen.

Volgens de gemeentelijke basisadministratie is de overledene overleden zonder achterlating van afstammelingen.

Testament

Volgens opgave van het Nederlandse Centraal Testamentregister heeft de overledene voor het laatst over zijn nalatenschap beschikt bij testament op 20 april 2015 verleden voor mr. T.A. Dantuma te Tytsjerksteradiel. In dit testament heeft de overledene alle voorgaande uiterste wilsbeschikkingen herroepen.

MIES: Moat dit no wier. Dat hiele ferhaal, dat leauwe wy allegear wol.

SIBE: (*ergert him*) Kinst dy better efkes stil hâlde, dit binne formaliteiten en dy moatte sein wurde.

NOTARIS: Jo ha gelyk. (*sjocht Mies oan*) Kin ik fierder gean?

MIES: Ja hear, ik sis al neat mear.

NOTARIS: Tanke.

Executeur

In zijn testament heeft de overledene notaris mr. T.A. Dantuma tot executeur benoemd.

Conclusie en slot.

Op grond van de hiervoor vermelde feiten en verklaringen ben ik, notaris tot de volgende conclusie gekomen:

Johannes de Vries heeft het volgende beslist: Saakje Bonnema heeft de grote barometer met weerglas die in de hal hangt geërfd.

MIES: (*oerein, tsjin Saakje*) No, dat is net mis, moai foar dy. Ik tink datst hiel bliid wêze moatst. Ja, jild sit der fansels foar dy net yn, dat is foar de neiste famylje. (*giet wer sitten*)


SAAKJE: (*oandien*) Ik bin der suver oandien fan. Wy ha der faak tegearre foar stien, om te sjen watfoar waar wy krigen en hy wist dat ik 'm moai fûn. Hy hie der ek safolle ferstân fan. Hy wist wêr't Jupiter stie en bepaalde stjerren. (*faget triennen ôf*)

AAL: (*slacht earm om har hinne*) Ja leave, dêr kin ik ynkomme, it is ek hiel fertrietlik allegear.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto